

desimber 2019

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 64 nr. 6

Wat sit der yn de koer?

PROGRAMMA WINTERSKOFT 2019-2020

Datum	Lokaasje*	Programma
Sneon 14 des. 2019	Utert -B	Krystmiddei mei muzyk, sjongen, Krystferhaal → sjoch side 4
Sneon 11 jan. 2020	Utert-B	Nijjiersbesite mei waarm iten → sjoch side 5 en 6
Sneon 15 febr. 2020	Seist-N	Middei oer Sint Piter
Sneon 21 mrt. 2020	Seist-N	Kabaret 'Hy en Sy'

*Utert-B = Bijnkershoek, Utrecht

Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist

Boun om Utens

- De Algemiene Gearkomste fan it Boun is op sneon 28 maart 2020.
Wy binne te gast by de krite fan De Haach. Plak fan gearkommen is kultureel sintrum Prinsenkwartier yn Delft.
- Webstek fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl.

Ferfier nei de krite middei of kritejûn

Nei alle krite gearkomsten ride auto's dy't jo ophelje kinne: **Fryske taksy's!**

Om mei te riden: opjaan by Trieneke Vos (030 - 691 6081), uterlik op de woansdei foar de gearkomste. As de tillefoan net opnommen wurdt, dizze boadskip ynsprekke : **"Mei Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn tillefoannûmer is"**

Wy soargje foar safolle auto's as nedich binne. Jo wurde ophelle by de foardoar en krije te hearren hoe let jo klear stean moatte. Wy rekkenje der op, dat der nêst it bestjoer mear leden binne, dy wol in kear **Fryske taksy-sjauffeur** wêze wolle. Jou jo der foar op!

It doel: elkenien kin meidwaan; wy binne Mei Inoar Ien!



Ledeniis

Yn de krante hawwe wy lêzen dat ús lid Pieter Dijkstra út Maarssen op 30 oktober 2019 ferstoarn is. Hy is 89 jier wurden. De advertinsje stie yn de krante doe't de begraffenis al plakhân hie. Wy winskje syn frou, bern en oare famylje in protte sterkte ta.

Fan de foarsitter

De tiid hâldt gjin skoft. Dat kinne wy allegearre út de tiid fan Jarich en Tetman. Wat hawwe wy dêr in wille om hân! Dat wie yn myn bernejierren in Easthim. Dêr is yn ús tiid it Himsterhûs boud. In mienskipshûs, wêr't in soad kultuer brocht waard. Ien kear yn 't jier wie der yn Ljouwert in Cefa-filmdei, wêr't de nije films útsocht waarden. Ik mocht altyd mei fan myn heit; prachtich wie dat! Ferline wike hienen wy de toanieljûn mei Fjoer. It wie in skitterjende foarstelling. Al wiene der leden, dy 't it te konfrontearjend fûnen. It stik waard sa goed spile, dat elkenien der wol in famyljelid of dierbere yn werkende en ja, dat wie soms efkes slokke.

Dit wurdt al wer de lêste Kritekoer fan dit jier. Op 14 desimber hawwe wy in krystmiddei yn de Bijnkershoeke, sjoch side 4. It belooft in gesellige middei te wurden. De Fryske taksy kin ride, dus kom allegearre nei Utert! En op side 5 stiet in oprop foar ús nijjiersbesite (mei waarm iten) op 11 jannewaris 2020! Wat heart dat noch fier fuort! Jo kinne jo opjaan troch foar 1 jannewaris te beteljen. As jo in dieet hawwe, dan kin dêr rekkening mei hâlden wurde. Mail as skilje my dan, ek foar 1 jannewaris. Dan komt dat allegearre goed.

Ik bin oan it ein fan myn praatsje kommen. Hjrby wol ik jimme allegearre noflike krystdagen winskje en foar it nije jier lok, seine en sûnens. Ek dyjingen dy't no siik binne, winskje ik sterkte en betterskip ta.

Graach sjoch ik jimme op ús krystmiddei en de nijjiersbesite!

Pietie Westdijk-Kaastra



**It bestjoer fan SELSKIP MEI INOAR IEN
nûget jimme út foar de**

KRYSTMIDDEI

op sneon 14 desimber 2019



Ferline jier hiene wy in aktiviteit mei Sinteklaas. No organisearje wy in byienkomst yn it ramt fan de Krysttiid. Der is muzyk (piano), wy sjonge kryst- en Fryske ferskes, der is in lytse kwis en in krystferhaal. Der binne drankjes, sûkelademolke en lekkere hapkes!

14:00 oere: Start mei kofje en tee

Sjonge

Krystferhaal

Skoft

Lytse Krystkwis

Sjonge

16:30 oere: Wer op hûs oan

Datum: sneon 14 desimber 2019

Plak: woonzorgcentrum De Bijkershoek, Van Bijkershoeklaan 250, Utrecht

Tiiden: 14:00 oant 16:30 oere

Kosten: € 5,00

Frykse taksy: opjaan uterlik woansdei 11 desimber

Dizze middei ek ferkeap oranjekoeken!





It bestjoer fan
SELSKIP MEI INOAR IEN
nûget jimme út foar de

NIJJERSBESITE 2020

op sneon 11 jannewaris

Ek fan't jier is der wer waarm iten: it haadgerjocht is stampot!
Drankjes, kofje en tee binne fergees.



Programma

16:00 oere: Untfangst mei in drankje en nijjierje
17:00 oere: Nijjierspraatsje fan de foarsitter
17:30 oere: Waarm iten (stampotbuffet)
± 20:00 oere: Wer op hûs oan

Datum: sneon 11 jannewaris 2020

Plak: woonzorgcentrum De Bijnkershoek, Van Bijnkershoeklaan 250, Utrecht

Tiiden: 16:00 oant 20:00 oere

Kosten waarm iten: € 12,50

Betelje: foar 1 jannewaris 2020

Frykse taksy: opjaan uterlik woansdei 8 jannewaris





Bysûnderheden Nijjiersbesite sneon 11 jannewaris 2020

Ek no't Seist en Utert *Mei Inoar Ien* wurden binne, organisearret it bestjoer foar de nijjiersbesite in waarm miel, fersoargje troch de keuken fan De Bijkershoek. It miel bestiet út sop, in stampotbuffet, in neigesetsje en kofje of tee. Wy kinne kieze út soerkoal, boerekoal en hutspot en út woarst, gehakballen en speklapen!

De kosten fan it iten binne € 12,50. Fierder is der foar dizze middei gjin ynlis en binne alle konsumpsjes fergees. Foar de ynkeap en organisaasje fan it iten is it nedich, dat jo jimme oanmelde. Dat kin troch € 12,50 per persoan oer te meitsjen op rekken NL05 INGB 00 00 194027 o.n.f. Selskip Fryslân.

Dizze betelling moat uterlik **1 jannewaris 2020 byskreaun wêze!**

Foar it **trochjaan fan dieetwinken** en foar fragen graach belje mei Pietie Westdijk, (030) 2318 224.



De kritejûn mei it stik Hjerst fan FJOER op 9 novimber 2019

Foarsitter Pietie Westdijk koe 42 minsken wolkom hjitte by it toanielstik fan Fjoer. De stikken fan Fjoer binne altiten bysûnder. Regisseur Afke Toren en oersetter/spylster Baukje Stavinga sykje stikken út dy't harren reitsje. Sy ha de toanielgroep oprjochte. Sitaat fan de regisseur: "It liket my sa moai om myn eigen stikken út te sykjen en spilers te freegjen dy't krekt sa rekke binne troch it stik as ik. Dat wy de passy foar dat iene diele. Dêrom ek de namme FJOER".

Hjerst begjint mei de oankomst fan in pear yn in simmerhúske. De man hat in kuolbak yn de hân en bliuwt stil stean. Syn frou pakt de kuolbak út syn hannen. It is dúdlik: der is wat oan de hân mei de man. De man hat in in foarm fan demintens. Yn it stik wurde de ferskillende fazen fan it demint wêzen oan de oarder steld, sa as it ûntkennen, de agresje, de lilkens, mar ek mominten fan tearens. It stik is sa werkenber; it iene momint sit it pear noflik te kofjedrinken, it oare momint skelt hy har de hûd fol.

Ik fûn it in moaie toanieljûn. De prizentafel fersoarge troch Harke wie prachtich en der binne aardich wat healsliten boek ferkocht. Wy kinne weromsjen op in goede kritejûn!

Jan Piet



It bestjoer fan Selskip Mei Inoar Ien
winket elkenien

NOFLIKE KRYSTDAGEN en FOLLE LOK EN SEINE YN 2020!



Oostrum, Gosse Koopmans
oaljeverve op doek, 80 x 110 sm.

*Mei tastimming fan Galerie Koopmans, Earnewâld.
Nije wintereksposysje 'Scaraal' fanôf 15 desimber 2019.*

**BESTJOER & MEIWURKERS**

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra
til. (030) 2318 224, mail: pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer & redaksje Kritekoer:
Jan Piet Bergmans
til. (0347) 320 093, mail: j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder & lede-administraasje:
Jan Roelants
til. (030) 2010 118, mail: jhw.roelants@online.nl

Bestjoerslid: Harke Hofman
til. (0347) 377 703, mail: harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid & 2^e skriuwer:
Gerrita Otten-Onrust
til. (030) 2625 897, mail: g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Nieske Schurer
til. (030) 2251 447, mail: nschurer@casema.nl

Bestjoerslid: Trieneke Vos
til. (030) 6916 081, mail: tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken Utert: Frou J. Wielinga
til. (030) 2617 816

Sosjale kommisje Seist: Trieneke Vos (sjoch hjirboppe) &
Boukje Andringa-Brattinga
til. (0346) 216 240, mail: boukjeandringa@kpnmail.nl

Ferstjoeren Kritekoer: Pietie Westdijk en Harke Hofman

Bank Mei Inoar Ien: NL05 INGB 00 00 194027, o.n.f. Selskip Fryslân



Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?
Graach ynleverje by de skriuwer!

Slutingsdatum kopij:

woansdei 22 jannewaris 2020